



Nei de podcast



Nei de websjop

# Heit&mem-podcast!

Yn de *heit&mem*-podcast prate Froukje Sijsma en Dieuwke van der Meer oer it grutbringen fan bern en alles wat dêromhinne spilet. Yn de nijste ôflevering is Menno Tuik te gast, hy is psychofysyk weerbaarheidscoach foar folwoeksenen en bern én skriuwer fan it boek 'Ut mut er út'. Syn stelling is: We moatte minder prate én folle mear bewege.

Ek te gast is Jeannette Numan. Sy hat jierrenlang as jeugdhelferliener wurke, mar is no alwer tsien jier direkteur fan SFBO, Sintrum Frysktalige Berne-opfang. It SFBO is kennisintrum foar meartaligens by jonge bern en moediget

liedsters yn it pjuttewurk en de berne-opfang en gastâlden yn Fryslân oan om konsekwint ek de Fryske taal te brûken.

Yn de podcast wurde fierder prachtige boeketips jûn, wêrûnder it nije *Simmerboek*. Wolsto in eksimplaar dêrfan winne? Scan dan de boppeste QR-koade, belústerje de podcast en folje de trije mearkeuzefragen yn. Op 15 july wurde de trije winners bekend makke fia de socials fan *heit&mem*. It nije nûmer *heit&mem* ferskynt 9 juny en is ek fergees te bestellen fia de websjop (sjoch QR-koade).



# Wolkom by ús op skoalle!

Tomke sil foar it earst nei de 'grutte skoalle': spannend! Gelokkich is de juf hiel leaf. Hy moetet nije freontsjes en hy komt yn 'e kunde mei Keimpe de Krokodil!

De oergong fan pjutteboartersplak nei basisskoalle is in spannende stap foar fjouwerjierrigen. Dêrom ûntwikkele it ûnderwiisteam fan de Afûk in oergongsboekje: *Keimpe & Tomke - Wolkom by ús op skoalle!* It kin troch basisskoallen as wolkomstkado-tsjie meijûn wurde oan bern dy't foar it earst op skoalle komme. It boekje soarget foar ferbining tusken it Frysk yn de foarskoalske perioade (mei Tomke) en it Frysk op de basisskoalle (mei Keimpe de Krokodil).

Yn it boekje stiet in ferhaaltsje oer Tomke dy't in dei wenne mei op skoalle en dêr wolkom hjitten wurdt troch de bern út de ferhaaltsjes fan *Keimpe de Krokodil*. Fynst yn it boekje ek spultsjes, in ferske en ynformaasje oer de meartalige ûntwikkeling. Der is romte foar de skoalle om in foto yn te plakken en foar de âlders om wat op te skriuwen oer harren bern. Sa wurdt it boekje in moai oantinken oan de earste perioade op de 'grutte skoalle'.



Foar € 3,50 te bestellen yn de Afûk websjop!



## Sjong junior

*Sjong junior* is in twajierliks Frysk sjongfestival foar basisskoallen. Groep 6, 7 en 8 skriuwt in eigen skoalliet en betinkt sels in choreografy. It proses wurdt folge troch de kamera's fan *Omrop Fryslân Tsjil*. Yn in útferkochte Lawei yn Drachten meie de skoallen optrede. Fan 11 juny ôf binne alle nûmers ek te hearren op Spotify. By elk nûmer ferskynt lesmateriaal, sadat der yn 'e klasse oan Frysk en muzyk wurke wurde kin. Sjoch op [sjong.frl](http://sjong.frl).



## Heit is myn held!

Op snein 16 juny is it wer heitedei. Sille wy alle heiten ris goed yn it sintsje sette? Lit him witte dat hy de alderleafste is, want dat fertsjinnet er!

Wy hawwe de moaiste Heitedei-kadotips op in rychje set. De spannendste boeken, de moaiste Fryske kado's en de leafste kaartsjes én boekelizers foar heit! Besjoch se gau yn ús websjop of kom del yn de Afûk-winkel yn Ljouwert.

# Oant sjen yn ús winkel

**ADRES**  
Boterhoek 3  
Ljouwert  
(058) 234 30 70

**IEPENINGSTIDEN**  
Tisdei o/m freed  
10.00 - 17.00 oere

[ynfo@afuk.frl](mailto:ynfo@afuk.frl)  
[www.afuk.frl](http://www.afuk.frl)

/stichtingafuk  
 /StichtingAfuk



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op [websjop.afuk.frl](http://websjop.afuk.frl) of scan de QR-koade.

# Boeketip 5




**1** **Simmerboek**  
*Ferskate skriuwers*  
€ 9,99

Foar yn de simmerfakânsje, thúsof ûnderweis! In boek fol mei ferhaaltsjes, gedichtsjes, ferskes, spultsjes en nifelwurkjes, spesjaal foar bern fan 2 o/m 6 jier.



**2** **Dy ferrekte Grousters - ferhalen**  
*Gjalt de Groot*  
€ 17,50

It wiene de wurden fan in Wergeaster doe't er it hie oer in Grouster. Hoe koe it dochs dat er dy skerpe en misledigjende wurden spruts? In grutte rûzje, miskien âldsear?



**3** **Liet fan mysels**  
*Lubbert Jan de Vries (oersetter)*  
€ 17,50

Walt Whitman's bekendste gedicht is *Song of myself* út 1885. Syn fernijende, frijfochten poëzy sloech yn as in bom en is foaransteanend bleaun oant no ta. No ek yn it Frysk!



**4** **Pim en Pier**  
*Joke Scheffer*  
€ 13,95

Pim en Pier binne twa mantsjepinguins. Pim soe hiel graach in pykje ha wolle mei Pier, mar hoe moatte se dat ha? In waarm printeboek, ynspirearre op in wierbard ferhaal.



**5** **Iisbaan yn 'e maaitiid**  
*Ferskate dichters*  
€ 25,-

Dit boek is in oade oan de Fryske iisbaan. 31 iisbanen: skildere, fotografearre en fongen yn gedichten. Mei in fytsrûteboekje der op ta.